

Ald-sjoernalist Gerrit Damsma is yn de skiednis fan de emigranten dûkt

Libbensferhaal fan in pionier

„Dit boek soe yn it Ingelsk oerset wurde moatte”, sei Burgumer Jan Jongsma ôfrûne freed by de presintaasje fan *De beam fan belofte*, debútroman fan Gerrit Damsma. It soe yndie in goede saak wêze, want it boek jout in libben byld fan de minsken dy't begûnen mei de 'bou' fan it hjoeddeistige Amearika.

BERBER BIJMA

De earmoede koste yn it begjin fan de njoggentjinde ieu guon Friezen it libben; oaren waard it libbensplezier ûntnommen. „Der is in protte wurkleazens; earmoed en honger yn 'e stêd. It is de minsken oan te sjen.” Sa beskriuwt Gerrit Damsma, âld-sjoernalist fan it *Friesch Dagblad*, de situaasje yn it Boalsert fan 1846 yn syn earste roman. Damsma tekenet yn it boek it libben fan ien sa'n Boalserter, Geart van Dam. Yn 1846 is er njoggentjin. In jier letter stekt er 'de dobbe' oer om yn

Amearika in nij bestean op te bouwen.

Geart liket ynearsten net de man om te emigrearjen. Hy hat it al dreech as er fan Boalsert nei Gytsjerk ferhuzet, om yn Mûnein smidsfeint te wurden. Mar Geart heart hieltyd mear praat oer Amearika en syn faam Jetske hat der ek wol nocht oan. Mei de emigraasjeploech fan dûmny Marten Annes Ypma fan Hallum weagje se de stap.

De personaazjes Geart en Jetske binne fiktyf. In soad oaren minsken dy't yn it boek foarkomme, hawwe wier bestien. Dat (in part fan) it lib-

ben fan dûmny Ypma no yn romanfoarm beskreaun is, kin seker winst neamd wurde. Yn 'pioniersrûnten' is syn namme ferneamd.


Winding

De beam fan belofte makket stilistysk nei likernôch fyftich siden in ferrassende winding. It is krekt as lit Damsma syn personaazje dan ynienen los, sadat dy syn eigen dingen belibje kin. It boek wurdt dêrmei, suver fan de iene op de oare side, in stik flotter te lêzen. Yn it earste part fan it boek lit Damsma de lêzer yn 'e kunde komme mei it Boalsert fan 1846. De skriuwer, sels ek hikke en tein yn Boalsert, docht dat troch de eagen fan de tweintichjierrige Geart, mar dat komt fakentiden te keunstmjittich oer. It hat mear fan de tekst fan in stedsrûnlied as fan de gedachten fan in jongfeint. It rynske taalgebrûk makket it boek ta in kostber taaldokumint, mar stiet de lêsberens tagelyk ek yn it paad. Oan 'e oare

kant binne der ek prachtige pas-saazjes, lykas it ôfskied fan pake en beppe (side 31).

Op it momint dat de skriuwer syn ferhaalstof net mear oan syn eigen jonge jierren ûntliene kin, giet syn personaazje - sa't dat heart - mei him oan 'e haal. Fan dat momint ôf hat it ferhaal fan Geart en Jetske jin yn 'e besnijing en wurdt it dreech it boek oan 'e kant te lizzen. De swiere reis dy't de pioniers ôflizze moasten en it drege libben dat se yn it earstoan yn Amearika hiene, wurde sa libben beskreaun, dat de lêzer bewûndering foar harren kriget. En him ôffreget: hat it dat allegear wurdich west? Net alle pioniers sille dy fraach mei 'ja' beantwurdzje kinne.

Ek Geart, mear noch as Jetske, hat mominten dat de langstme nei it heitelân en de famylje dy't er achterlitten hat, him tefolle wurdt. Dan hat er de nofterens fan syn frou nedich om him wer yn it sin te bringen dat er net foar neat út Fryslân weigien is: de earmoede



Gerrit Damsma mei syn boek *De beam fan belofte*.

Foto: Frans Andringa

wie grut en de 'finen', dy't nei de Ofskieding fan 1834 út 'e Herfoarme Tsjerke stapt wiene, hiene net in bêst plak. Ut de earste brieven dy't se yn Amearika krije, blykt de situaasje yn Fryslân ek noch net sa hurd te feroarjen. Lykwols hawwe Geart en Jetske in tal jierren nedich om harren thús te finen yn it 'lân fan dream en winsken'.

De personaazjes dy't Damsma opfiert, binne faak de stereotype kant it neist. Wat de Friezen oanbelanget, binne it hast allegear rêstige, hurdwurkjende manlju en praatske, mar flinke froulju. De net-Friezen komme der gauris in stik minder ôf. Wat mear nuansearring en (psychologyske) útdjipping fan de karakters hie net in ferkearde saak west.

Tagelyk sil krekt dat stereotype de reden wêze wêrom't dit boek in grut lêzerspublyk oansprekke sil: de measte minsken sille har graach mei de haadpersoanen identifisearje. Dat jildt faaks benammen de Friezen-om-utens, dy't it heitelân en syn ynwenners noch wolris wat romantisearje meie. Foar harren soe in Ingelske oersetting in juwieltsje wêze, al soe dêr tagelyk in soad taaleigen mei ferlern gean.

AD 12/10 2001
De beam fan belofte. Gerrit Damsma. Utjouwerij Frysk en Frj. Ljouwert. 35,00 gûne.